



FRYSLÂN

FOAR EN MEI

**DE MINSKEN
FAN FRYSLÂN**

**FERKIEZINGPROGRAMMA
PROVINSJALE STEATEN
2023-2027**

YNLIEDING

'Fryslân is it bêste lân fan d' ierde'. Dêr binne wy grutsk op. As CDA sette wy ús yn foar ús 650.000 ynwenners fan Fryslân, dy't wenje yn ien fan de 400 doarpen, of yn ien fan de alve stêden.

Dé Fries bestiet neffens ús net. Elke Fries is unyk, skept mei syn as har eigen jeften en talinten. Oftst no op Flylân wennest, yn Noardeast-Fryslân, in Stellingwerfer bist of in echte stedsjer út Ljouwert, hjir hikke en tein, of hjir letter kommen bist te wenjen. Yn al dat ferskaat binne wy ferbûn troch ús Fryske kultuer, taal en it lânskip.

As CDA hannelje wy út in kristlik demokratyske oertsjûging wei. Dêr't de kearnwearde "stean foar de Mienskip" sintraal by stiet. De minsklike mjitte, yn ferbining, kânsen foar elk en duorsum hannelje. Wy moatte in skyld wêze foar de swakkeren, betrouber en transparant yn ús beslútfarming. Wy beheare ús kostbere lânskip en de skatkiste goed foar de Fryske mienskip dêr't elk ferantwurdlikheid yn draacht. "Dy oerheid", dy bestiet net. Dat binne wy mei-inoar.

Fryslân is fanâlds yn haadsaak in agraryske provinsje dêr't famyljes it lânskip, de ekonomy, de doarpen en stêden foar it measte part foarme hawwe, krekt as ús taal, kultuer en ús lânskip. It hinget allegear mei-inoar gear. Wy sjogge dat dy provinsje en dy mienskip feroaret. De befolking fergrizet, ús stêden wurde grutter en de mienskip krijt in grutter ferskaat. Der komme, frege en net-frege, mannich transysjes op ús ta. De gefolgen dêrfan sille Fryslân ek reitsje. Mar de oplossingen sille krekt hjirwei komme! De wrâld feroaret oanienwei. Wy witte dêrom no ek noch net wat der op ús ta komt.

Op it mêd fan wenjen, leefberens, berikberens, enerzjy, lânbou en technyk, mar ek yn hoe't wy yn Fryslân en Nederlân mei-inoar omgean, sjogge wy de kommende jierren grutte útdagingen. By it finen fan oplossingen wolle wy as CDA "it Fryske" de romte jaan. It mei-inoar dwaan. Wy moatte net *oer* mar *mei* belutsenen prate. Dêrby witte wy dat wy op dit stuit gjin blaudruk dellizze kinne foar de jierren dy't komme. Wy doare ús as CDA oan te passen oan feroarjende omstannichheden.

Dêr wêr't de provinsje foaral giet oer de ynrjochting fan de romte, en de diskusje dêroer, sjogge wy oan de oare kant de soarch foar it 'noch meidwaan kinnen' en de betelberens fan it libben. Wy fine dat wy as CDA yn de provinsje in taak hawwe om minsken dy't fanneden ôfheakje by wat de maatskippij en mienskip allegear fan harren ferwachtet, te helpen. Oft it no giet om in betelbere wenning en enerzjyrekken, de ynvestearringen yn transysjes, meidwaan kinnen mei ferienings, of mobiliteit. Dêrby sjogge wy dat de demokrasy ûnder druk stiet, desynformaasje heechtij fiert en der in oarloch is op it Europeeske kontinint. Perspektyf en betrouwen is nedich. Perspektyf biede oan de mienskip, dat is mei sizzen net te dwaan. Dat bieden fan perspektyf, dat dogge wy foar, troch en mei #minskenfryslân!

GRÛNBEGJINSELS

CDA Fryslân basearret him op de kristendemokratyske grûnbegjinsels, mei soarch foar inoar as dragend útgangspunt. Fanâlds hâldt dat by ús yn dat wy sprate ferantwurdlikheid, rintmasterskip, solidêrens en publike rjochtfeardigens as kearnwearden hawwe. Wat hâldt dat yn?

- Dat wy ferantwurdlik binne foar ússels en foar ús famyljes, freonen en direkte omjouwing. Dizze ferantwurdlikheid giet alle segminten oan fan 'e wrâld dêr't wy yn libje. De oerheid binne wy allegear mei-inoar.
- Us provinsje Fryslân moatte wy bewarje, hoedzje en ûntwikkelje. Wy wolle ús ierde goed trochjaan oan ús bern en bernsbarn. Dat kinst dwaan mei tiid, ynset en jild. It jild op himsels moat nea in doel wêze. Ferantwurde omgean mei de provinsjale middels is ek rintmasterskip.
- Ferantwurdlikens drage is ien. Ast dat kinst, mar net wolst, dan meist dêr wat ús oanbelanget op oansprutsen wurde. Libbest hjir net allinnich foar dysels! Mar soms wolst wol, mar kinst it ienfâldichwei net. Yn dat gefal moatte wy der as maatskippij wêze foar minsken dy't it allinnich net (mear) oankinne. Sosjaal, finansjeel of mei oare help. Solidêrens freget ynset fan twa kanten. Fierder as allinnich *ik*, én as skyld foar de swakkeren.
- 'Lit dyn ja in ja wêze.' CDA Fryslân fynt dat de oerheid betrouber en te kontrolearjen wêze moat. Dus ast 'ja' seist, ek 'ja' dwaan moatst. Ek moat elkenien gelyk behannele wurde yn gelikense situaasjes. Of, as dat net bart, dúdlik útlein wurde wêrom't dat net bart. Dúdlik, transparant en te kontrolearjen.

Wolst mear witte oer de CDA-kearnwearden en begjinsels? Sjoch dan op <https://www.cda.nl/standpunten/uitgangspunten>

UTDAGINGEN EN AMBYSJES

Yn ús ferkiezingsprogramma kinst lêze wêr't wy oan wurkje wolle, wêr't soargen sitte, mar krekt ek wêr't wy perspektyf sjogge en biede kinne. Dat dogge wy oan 'e hân fan sân tema's. Tema's dêr't de provinsje oer giet. Dy binne:

1. Mienskip, wenjen en de minsklike mjitte
2. Taal, kultuer en sport
3. Natuer, lânskip en lânbou
4. Ekonomy
5. Enerzjy en klimaat
6. Ynfrastruktuer
7. Finânsjes en bestjoer

MIENSKIP, WENJEN EN DE MINSKLIKE MJITTE

In feilich en betelber plak om te wenjen, in doarp of wyk dêr't de mienskip mei-inoar ferantwurdlikheid nimt en dêr't romte is foar eigen inisjatyf. Dêr moatte wy mei-inoar foar soargje. Nochteren neitinke oer de effekten fan oerheidsbelied is it advys oan de polityk. Hokfoar ynfloed hat ús belied op de mienskip? Dêroer moat de provinsjale beslútfoarming transparant wêze. Dêrby moat spesifyk rekkening holden wurde mei it effekt op de takomst, foar ús bern en de generaasjes dy't dêrnei komme.

Foar inoar soargje is it wichtichste yn 'e mienskip. Fierder sjen as “de liberale ik” en útgean fan “minder ik en mear wy”. Dat is in maatskiplike taak dy't wy allegear hawwe en dy't wy net samar by de oerheid dellizze kinne en moatte. Krekt dat omtinken foar inoar is wat de mienskip makket.

Fryslân ken in grutte fergriizing, wêtroch at belutsenens fan frijwilligers, soarch en foldwaande arbeidskrêften op termyn ûnder druk komme te stean. Soms moat de oerheid dêr in oplossing foar fine. Hjirfoar ha wy inoar nedich. It is dêrom wichtich dat wy de studinten en starters yn ús provinsje behâlde, om harren in takomst te bieden yn ús provinsje.

Wy stean foar:

- In provinsje mei in goed foarsjenningsnivo. Oft it no giet om soarch (toske- en húsdokters, sikehuzen), wenjen en winkels, ûnderwiis, buerthuzen of de tagong ta finansjele tsjinsten; de provinsje moat him hjir, yn oparbeidzjen mei de gemeenten, bliuwend foar ynsette. Ek de oanwêzigens fan plysje-posten yn de provinsje freget ús bliuwend omtinken.
- Ien organisaasje dy't it semint is tusken de ûnderskate doarps-, wyk- en mienskipsinisjativen yn gearspraak mei [Doarpswurk](#) en it provinsjale [Streekwurk](#). Dêrby sjogge wy wat it bêste wurket. In weardefol Doarpswurk fersterket de lokale doarps-, wyk- en mienskipsinisjativen.
- Ynternasjonale solidêrens en neisteleafde. Itjinge ynhâldt dat wy yn Fryslân in goede opfang regeljen bliuwe foar asylsikers. Opfang moat plakhawwe nei aard en skaal mei in goede sprieding oer de provinsje. Wy pleitsje by de ryksoerheid foar in goede sprieding oer it lân.
- Foldwaande en passende wenningen yn de provinsje. In nije generaasje moat yn har doarp of stêd wenjen bliuwe kinne, of earne oars in wenning fine kinne. Der moat spesifyk boud wurde foar jongerein, húshâldingen en âlderein. Dêrby fine wy foarrang foar doarpsbewenners by nijbou yn harren omjouwing fan belang.
- Us lânskip wurdt net opoffere oan Vinex-wiken mei tsientûzenen wenningen. Wy sette mei doel yn op nije leefbere wiken. Der kin gjin sprake wêze fan in ferplichting keppeling fan wenningen yn ruil foar mooglik in Lelyline. Wy koesterje ús moaie natuerlike lânskip en binne primêr foar ynwreiding foardat oergien wurdt ta útwreiding. Ek mei demografyske ûntjouwings moat rekkening holden wurde.

- It tastean fan kreative oplossingen foar it tekoart oan wenningen. Wy tinke hjirby oan mear romte foar gemeenten foar tydlike wenningen, it opdielen fan gruttere gebouwen, wenningdielen en sa mear.
- Mear mooglikheden foar it keapjen fan wenningen troch starters. De provinsje sil yn 'e mande mei private partijen en oare oerheden inisjativen hjirta stypje.
- It promoatsjen fan de provinsje Fryslân as oantreklike wen- en wurkprovinsje om te soargjen dat bygelyks foldwaande ôfstudearre (hús)dokters en faklju foar Fryslân kieze. Der komt in aksjeplan om dat út te fieren.
- In ferhastigjen fan de Bloeisône-beweging mei as doel derfoar te soargjen dat de ynwenners fan (fergriizjend) Fryslân sûn en fitaal âlder wurde. Yn Fryske doarpen, wiken en stêden wurdt mienskiplik, fan ûnderop, in sûnere en fitalere leefomjouwing ûntwikkele.
- Stypjen fan maatskiplike inisjativen. Tink oan it ferduorsumjen fan maatskiplik fêstgoed en stypjen fan sport- en oare ferienings. Ynvestearrings yn 'e mienskip binne net allinnich yn jild út te drukken. Wy sjogge nei it maatskiplike effekt binnen de besteande finansjele middels. Provinsjale middels ynsette foar it helpen by transysjes, lykas de enerzjytransysje, heart ta de mooglikheden.
- Romte foar mienskipssin en famyljewearden. It oerheidsbelied yn Fryslân moat romte biede foar ús gewoanten en tradysjes en dy as dat nedich is beskermje.

TAAL, KULTUER EN SPORT

TAAL

De Fryske taal is wetlik ferankere yn de ‘Wet gebrûk Fryske Taal’. Us ynset hat der de ôfrûne jierren ta laat dat de Fries him mear uterje kin yn syn as har eigen taal. Der is romte kommen foar uteringen, gebrûk en werkenberens fan it Frysk en de streektalen lykas it Bildts, Stellingwerfs en ûnderskate soarten Stedsfrysk. Dit wolle wy trochsette troch:

- Mear Frysk yn iepenbiere romten.
- Eigen ûnderwiisynspeksje oer it Frysk.
- Troch it Ryk folsleine bekostiging fan ûnderwiis yn it Frysk.
- Frysk prate moat altyd mooglik wêze by rjochtbank en gerjochtshôf. De provinsje regelet dat de Fryske tolken probleemleas ynset wurde kinne as der ferlet fan is en ek fatsoenlik betelle wurde.
- Aktive ynset fan de provinsje by it ûntwikkeljen en honorearjen fan plannen om it lêzen yn it Frysk te stimulearjen.

KULTUER

In soad ynweners fan ús provinsje spylje yn toanielstikken yn 'e winter, by iepenloftspullen yn 'e simmer, binne poadiumbouwer of frijwilliger, of meitsje byldzjende keunst. Fryslân is seinige mei in grut tal koaren, brassbands en fanfaren. Kultuer ferbynt en makket leefber. De provinsje hâldt de kommende jierren mear omtinken en stipe foar ús Fryske HaFaBra, de mannich sjongkoaren en de korpsen. Dy binne en bliuwe fan wrâldklasse en binne it semint yn ús mienskip. Ek it [NNO](#) heart by Fryslân en Noard-Nederlân. Dit orkest is en bliuwt in ferantwurdlikheid fan de trije noardlike provinsjes.

Dêrneist ha wy in grutte museumtichtheid. Dit fariearret fan moderne keunst yn Belvédère en Dr888 oant it unike kultuerhistoaryske ferline yn bygelyks Hylpen. It CDA set yn op omtinken foar bliuwende wearde en skjintme en keunst. Lykas wy dat yn ús eagen ferplicht binne as erfskip fan Kulturele Haadstêd 2018. Arcadia en oare kulturele eveneminten kinne dêroan bydrage. Hjir kin ek de keppeling makke wurde mei sporteveneminten lykas de Giro d'Italia. Wy wolle ek de kommende jierren romte jaan oan de keppeling fan keunst en kultuer mei ynhâldlike tema's, lykas wy de ôfrûne jierren by ûnder oaren '[Kening fan 'e greide](#)' dien hawwe. Dêrneist wolle wy in aktyf belied om it plurifoarme mediabelied yn Fryslân te behâlden en te fersterkjen.

DE ALVESTÊDETOCHT

Miskien wol it ikoan fan de Fryske kultuer en sport is de Alvestêdetocht. Yn mannich foarmen en ferskingen sjogge wy sporteveneminten en ek toanielstikken. Wy bliuwe dizze ûntwikkelingen dêr't dat mooglik is stypjen en bliuwe meitinken mei ynnovaasjes dy't mooglik de tocht fan alle tochten mooglik meitsje. Dit set Fryslân bliuwend op 'e kaart.

JONGE MAKKERS

Der binne kulturele aktiviteiten dy't net mist wurde kinne, om't se unyk fan aard binne en ferbûn mei Fryslân en dêrneist in grutte ympakt hawwe op talintúntwikkeling. Jonge makkers meie sjoen wurde as in wichtige stim fan harren generaasje. Se moatte hjirmei in plak hawwe yn it provinsjaal kultuerbelied, lykas de Fryske film- en popkultuer.

FESTIVALS

Wy sjogge festivals as wichtige moetingplakken foar ynteressearren en sette yn op in festivalbelied mei romte foar ôfwikseljende muzyk- en kultuerstreamen foar alle generaasjes. Wy fine dat de organisatoaren in wichtige rol spylje by de soarch foar it lânskip. Doarpsfeesten en festivals meie net lije ûnder nije regels foar fergunningebelied en natuer. Wy fine doarpsfeesten elemintêr foar de leefberens fan it plattelân.

Wy stean foar:

- In museumjierkaart foar de basisskoallearlingen. Sy meie jierliks nei tsien museums en/of foarstellingen yn ús provinsje. De útwurking hjirfan stimme wy ôf mei de skoallen.
- Mear omtinken foar muzykûnderwiis op skoallen yn bûtenskoalske programma's.
- In dúdlik en ienfâldiger proses by it fergunningebelied foar eveneminten.
- It yn stân hâlden fan in fûns foar ticket- en garânsjestellingen.

KULTUREEL ERFGOED

It kultureel erfgoed fan en yn Fryslân is fan grutte wearde. De provinsje stiet der mei boarch foar dat erfgoed goed ûnderhouden wurdt. Dêrby stimulearret de provinsje ûnder oaren gemeenten om harren ferantwurdlikheid te nimmen foar harren monumintebelied. Der ûntbrekt no in oerkoepeljend gehiel yn fyzje, belied en yn belangefertsjintwurdiging. Dat moat der, yn oparbeidzjen mei gemeenten en belangegroepen, wol komme. Ek net-fysyk kultureel erfgoed, lykas it karbidsjitten en keatsen, moat behâlden wurde.

SPORT

It maatskiplik en previntive belang fan sport is grut. It is sûn, ferbynt, fiedt op, draacht mei ús Fryske farianten by oan de eigenheid en kultuer en kin mei (grutte) eveneminten bydrage oan promoasje fan ús provinsje. De ôfrûne jierren hat it CDA hjir foars op ynset. Under oaren it ynklusyf meitsjen fan de sport, foar elk bern tagonklik, is dêryn fan belang. Sa kin bygelyks elk bern yn Fryslân tagong hâlde ta swimles yn ús wetterrike provinsje.

Wy stean foar:

- Breedtesport. Elkenien, en yn it bysûnder ús bern, fertsjinnet ús folle oandacht. [Sport Fryslân](#) moat dêryn in wichtige taak behâlde en struktureel stipe wurde.
- It stypjen fan sportferieningen op it mêd fan ferduorsumjen en organisaasjeûntwikkeling
- It struktureel stypjen fan de Fryske kultuersporten, lykas skûtsjesilen, keatsen, Frysk damjen, (skoal)reedriden en fierljeppen. It daget bern út harren sûn yn te spannen, it fergрутtet de ienriedigens en it draacht by oan ús sportkultuerhistoarje. Dêrby sykje wy ek nei ferbiningen lykas by in Fryske Olympiade.
- De ferantwurdlikens foar [Thialf](#). Wy sjogge Thialf as in mienskiplike ferantwurdlikheid fan provinsje, gemeente Hearrenfean en ryksoerheid. Elk moat hjiryn in permanint oandiel nimme. De provinsje bliuwt dat dwaan, mar hâldt ek each foar de belangen fan de Elfstedenhal yn Ljouwert.

- It stypjen fan eveneminten en inisjativen dy't spesifyk omtinken jouwe oan sport en bern. Tink hjirby ûnder oaren oan it skoalreedriden, de inisjativen fan de Sven Kramer Akademy, Zilveren Bal en keatsen.
- In finansjele bydrage oan de Giro. Wy krije de kommende perioade in grutte Italiaanske hurdfytstoer yn Fryslân: de Giro. Dêr drage wy, yn 'e mande mei de dielnimmende gemeenten en it bedriuwslibben, oan by.

LÂNBOU, LÂNSKIP EN NATUER

De ierde is net fan ús, wy moatte dêr goed foar soargje. Wy binne de rintmasters foar de generaasjes dy't nei ús komme. Wy freegje in soad fan de ierde. De saneamde '[Earth Overshoot Day](#)' (de dei fan it jier dat wy alle grûnstoffen brûkt hawwe dy't de ierde yn in jier fuortbringe kin) is alle jierren in bytsje earder. Dit betsjut dat wy "op 'e pof libje". Wy ûnderfine dêr dan ek de gefolgen fan: in hieltyd grutter tekoart oan grûnstoffen, ekstreme klimaatferskynsels en in ôfnimmend bioferskaat.

NATUERBEHEAR

Soarch foar de ekologyske wearden fan Fryslân en ekonomyske groei hoege inoar net te biten en moatte yn balâns wêze. In natuerynklusive ekonomy yn it algemien en natuerynklusive lânbou yn it bysûnder binne wegen nei de takomst. Dêryn erkent it CDA dat ús boeren de bêste natuerbehearders binne. Al generaasjes lang. Op gâns plakken yn Fryslân waard al oan agrarysk natuerbehear dien foardat yn Nederlân it wurd bestie. Agrariërs binne noch altyd de grutste natuerbehearders, mar wurde dêr net lykweardich foar beleanne. Wy wolle wurkje oan in earlike en langjierrige beleaning foar ús agraryske natuerbehearders dy't fergelykber is mei de wurdearring foar it regulier natuerbehear. In soad boeren, túnders en fiskers hawwe in famyljebedriuw, dat fan generaasje op generaasje trochjûn wurdt. Se witte as gjin oar betsjutting te jaan oan it wurd rintmasterskip mei't se net stjoerd wurde troch koarte termynrendemint.

Lânbou is foar Fryslân fan krúsjaal belang. It sit net allinnich yn ús DNA, kultuer en lânskip, it is ek in wichtich ûnderdiel fan de ekonomyske aginda fan Fryslân. De ûntwikkeling ta de bêste lânbousektor yn 'e wrâld tankje wy oan de kennis, it ûndernimmerskip en de ynnovaasje krêft fan de lânbou en de dêroan besibbe sektoaren. Dy kennis en ynnovaasjes wurde ek brûkt troch agrariërs op oare plakken yn 'e wrâld. Dy wolle wy as CDA bliuwend stimulearje, foar mienskip, miljeu en ekonomy.

FRYSKE OANPAK

De basis is dat lânbou altyd in yntegraal ûnderdiel útmakket fan de mienskip. Opjeften kinne allinnich út in bredere en mear yntegrale oanpak wei realisearre wurde. Gebiertsrjochte wurkje is dêrby in útgongspunt. Wy kieze dêrmei foar in heldere strategyske aginda foar de lânbou. Doelmaatregels foar de lange termyn bepale de miljeugebrûksromte foar de lânbou, ynklusyf limiten op fosfaat en stikstofemisje. Wy stimulearje de sektor om sels mei plannen te kommen om dy doelen te realisearjen en stypje dêrby de Fryske oanpak om mei-inoar yn gearspraak mei de sektor ta ynfolling te kommen. De plannen freegje om ynspanningen fan de hiele keten: fan boeren, ferwurkers fan agraryske produkten en oare partners yn de keten. Dêr wêr't wy dit provinsjaal stypje kinne, dogge wy dat.

Wy fasilitearje de modernisearring en ynnovaasje fan de feehâlderij. It is wichtich dat de sektor sels dizze ynnovaasje oemarmet om de duorsumensdoelen te heljen. Ek hjir moatte oerheid en ketenpartners bydrage om de transformaasje fan dizze wichtige ekonomyske sektor mooglik te meitsjen. Boeren kinne dit net allinnich. As CDA stypje wy de [Regio Deal Natuerynklusive Lânbou](#) en stjoere op romte yn de regels.

Ek de Fryske boeren leverje in bydrage oan de stikstofreduksje. Boeren dy't frijwillich ophâlde wurde hjirfoar kompensearre. Wy binne tsjin ûnteigening. Gebietsûntwikkelingen moatte yn ûnderling fertrouwen en droegen troch de mienskip ta stân komme. Wy wolle de besteande budzjetten foar útkeapregelingen ek iepenstelle foar ferduorsumjen fan de stâlen en produksjemetoaden, as dêrmei foar itselde jild oantoanber bettere resultaten boekt wurde kinne.

IT LAN

Wy wolle in beskerme status foar fitale lânbougrûnen om de takomst fan de lânbou en de itenswissichheid feilich te stellen. Yn de nije Nota romte wurde ûntwikkelgebieten foar de lânbou oanwiisd yn in goede balâns mei de romte foar natuer, wenjen en rekreaasje.

Troch it ferdwinen fan de feanlaach ûntstiet CO2-útstjit. De boaiemdelgong yn it feangreidegebiet liedt yn it hiele lân ta skea oan huzen, gebouwen, wegen en lânbougrûnen. As CDA pleitsje wy foar in mearjierrich programma wêrby't ûndersyk en praktyk oaninoar ferbûn wurde. Leare troch te sjen en te ûnderfinen. Yn oparbeidzjen mei Wetterskip Fryslân wolle wy wurkje oan in learende omjouwing wêryn't de praktykkennis en ynnovaasje in prominint plak ynnimme. Wy wolle in effektyf pakket fan maatregels om de boaiemdelgong tsjin te gean mei behâld fan perspektyf foar lânbou yn dy gebieten.

DE WOLF

De wolf heart net thús yn Fryslân. It CDA set him yn om fan it Ryk romte te krijen om de wolf bejeie te meien.

ROMTLIKE ûNTWIKKELING

De kwaliteit fan ús Fryske lânskip wolle wy behâlde. Dêrfoar ha wy omtinken frege yn ús provinsjale omjouwingsfyzje dy't rjochtingjaand is foar de neiere útwurking fan de Omjouwingswet. Grutskalige yndustry, passend by ús ekonomyske klusters, wolle wy yn prinsipe konsintrearjen bliuwe yn ús stedssintra as Ljouwert en de A7-sône (Snits, Drachten, De Jouwer, It Hearrenfean). Grutte datasintra yn ús lânskip binne net wolkom. Logistike *hubs* sintrearje wy safolle mooglik op It Hearrenfean. Wy wolle gjin grutte 'distribúsjeboksen' yn ús lânskip.

Wy stean foar:

- It yn oparbeidzjen mei ús boeren behâlden en beskermjen fan ús unike lânskip.
- It befoarderjen fan de partisipaasje fan boeren yn duorsum lânskips- en natuerbehear en harren dêrfoar langjierrich te beleanjen.
- Gjin sinnepanielen op agraryske grûn, of it moat sa wêze dat der in grut maatskiplik draachflak foar is.
- Foarkar jaan oan mienshipsplannen dêr't natuer, lânbou, mienskip, enerzjy en oare útdagings byinoar komme. In goed foarbyld is [Natuer mei de Mienskip](#) en it 'Bio-HUB Biogas Network Systeem' om de Haskerfeanpolder hinne, dêr't sechstjin boeren gearwurkje oan in takomstbestindige omjouwing.
- It stypjen fan koöperative foarmen fan gearwurking tusken boeren, boargers en oerheid.
- It stypjen fan ûntwikkelingen fan 'nije foarmen fan lânbou en ûndernimmerskip', lykas de tylt fan himp, flaaks, wol, aaiwytgewaaksen, tuorrebout en biobased materialen.
- In heldere strategyske aginda foar de lânbou wêrby't gebietsrjochte wurkjen it útgongspunt is.
- Us útsprekke tsjin ûnteigening. De besteande budzjetten foar útkeapregelingen moatte ek jilde foar ferduorsuming fan stâlen en produksjemetoaden as dêrmei bettere resultaten

boek wurde. Hjirfoar sykje wy aktyf it petear mei û.o. de [Agrarische Jongeren Fryslân](#) (de takomst), [LTO](#), en it [Kollektivenberied Fryslân](#).

- Programma's rjochte op duorsume lânboupraktiken wurde spearpunt binnen it belied.
- It oanwizen fan ûntwikkelgebieten foar de lânbou dy't yn balâns binne mei de romte foar natuer, wenjen en rekreaasje yn de nije Nota Romte.
- It ynsetten op in effektyf pakket fan maatregels om de boaiemdelgong yn feangreidegebieten tsjin te gean mei behâld fan perspektyf foar lânbou.
- Behâld fan ús moaie Iselmar en ús moaie Waadsee.
- Wy binne tsjin mooglike sânwinningsplannen.
- Wy binne tsjin it oanwizen fan nije natuer- en Natura 2000-gebieten. Net alles hoecht in stimpel of in stek deromhinne. Wol sjogge wy nei de mooglikheden om mear romte foar bioferskaat te kreëarjen yn oerlis mei lâneigeners.

EKONOMY

De regionale ekonomy is ien fan de kearntaken fan de provinsje Fryslân. Ekonomy komt fan it Grykske wurd Oikos, dat ûnder mear betsjut: wenjen, húshâlding, mienskip. Underwiis, wurkjouwers, wurknimmers, gemeenten en wetterskippen wurkje gear oan de fersterking fan ekonomyske faktoaren dy't fan ynfloed binne op ús libben. It Fryske MKB is de koark dêr't ús ekonomy op driuwt. It bringt wurk, ynnovaasje mar ek brea op 'e planke. Dêrop binne wy as CDA grutsk. Wy sjogge ek mear en mear dat it MKB troffen wurdt troch crises dy't grutte ympakt hawwe. De ympakt fan de koroanapandemy en de enerzjykrisis freegje om aktive stipemaatregels foar it MKB út de provinsje wei.

De kearnwearden fan solidêrens en sprate ferantwurdlikheid fertale wy yn ferbining en kânsen foar elk. Elke ynwenner fan Fryslân moat de kâns hawwe om him te ûntwikkeljen en perspektyf te hawwe yn Fryslân. Fan beuker oant PhD-studint, fan praktykskoalle nei wurk. Dêrby heart passend ûnderwiis, wurk en in noflikke wenomjouwing mei foarsjenningen. Yn dizze feroarjende wrâld ûntstiet der faak ôfstân tusken plattelân en stêd, tusken jong en âld, of tusken de ynwenners fan Fryslân en de oerheid. Ferskillen tusken minsken en regio's jouwe Fryslân kleur. Mar ferbining en kânsen foar elke ynwenner fan Fryslân meitsje de ôfstân lytser en soargje foar in sûne ekonomy. Fryslân is relevant om te fêstigjen of te bliuwen as bedriuw. Us beropsbefolking is fakbekwaam en der hearsket in goede arbeidsetos dêr't by jildt: 'ôfspraak is ôfspraak'.

SIRKULÈRE EKONOMY

Wy stean foar in sirkulêre ekonomy en sette dêr mei ús provinsjaal belied bliuwend op yn. Yn in sirkulêre ekonomy wurde omrinnen sletten en wurdt gebrûk makke fan fernijbere enerzjy. Binnen it Fryske ekosysteem fokusje wy op 5 klusters: Wettertechnology, AgriFood, Hightechsystems & materials, Maritime technology en Sirkulêre ekonomy. Binnen dy, yn it [Ynnovaasje Pact Fryslân](#) fêststelde klusters, bliuwe wy yvestearjen yn de ûntwikkeling hjirfan en de kampussen dy't har hjirmei dwaande hâlde. Alle campussen mei-inoar foarmje [Campus Fryslân](#), wêryn't wy as provinsje it plak binne foar ynnovaasjes fan de takomst. Yn it ferlingde dêrfan stypje wy de fierdere ûntjouwing fan de [Universiteit van het Noorden](#) dêr't MBÛ, HBÛ en WÛ yn gearwurkje.

RETAIL

De [Fryske Retail-oanpak](#) wie in grut sukses. Wy sjogge ûntwikkelpunten foar de kommende jierren. Yn 'e mande mei it Frysk sintrumnetwurk wolle wy hjir in ferfolch oan jaan. Under oaren troch de wei fan projekten lykas [de Nije Winkelstrijtte](#). Foaral stypje wy de planûntwikkeling en stelle wy jild beskikber foar de útfiering dêrfan om ús sintra te stypjen. Wy wolle de retailvouchers behâlde. It ferkrijen dêrfan moat ienfâldiger.

GASTFRIJHEIDSEKONOMY

Rekreaasje, toerisme en hoareka foarme mei-inoar de Fryske [gastfrijheidsekonomy](#). Dizze sektoaren dragen net allinnich hieltyd mear by yn finansjele sin, mar drage ek by oan in noflikke en sûne wen- en leefomjouwing. De [gastfrijheidsekonomy](#) is der der net allinnich foar de toerist, mar soarget foar leefberens en wolwêzen fan alle ynwenners fan Fryslân. Dêrneist kin de gastfrijheidssektor in rol spylje by bliuwende leefberens, bioferskaat, enerzjytransysje,

behâld fan kultureel erfgoed, sirkulêrens, bettere mar duorsumere mobiliteit, sosjale koheezje en romtlike ûntjouwing.

Us Wadden binne in echte pearle en net foar neat UNESCO wrâlderfgoed. Yn it [Frysk Programma Waadkust](#) wurde tema's lykas leefberens & krimp, lânbou & sâltich wurden, wetterfeiligens & klimaat en rekreaasje & toerisme oanpakt. It CDA wol fuortsetting fan dit programma wêrmei't de hiele Fryske waadkust in oantreklik gebiet bliuwt foar ynwenners en toeristen.

Wy stean foar:

- Projekten yn relaasje ta arbeidsmerk en ûntwikkeling stean yn it teken fan 'in libben lang ûntwikkelje'.
- Op 'e nij wurdearjen fan it fakmanskip troch aktive stipe foar it Middelber - en Heger Underwiis Akkoart (MHUAF).
- It aktyf stypjen fan de populêrens fan it (F)MBÛ en HBÛ yn de technyk en bou.
- Fersterkjen fan minsklik kapitaal troch doelfêste karren yn de kennisaginda dy't oanslute by de ambysjes fan Fryslân op it mêd fan wetter, Agri&Food, Rekreaasje en Toerisme, Ynnovaasje Kluster Drachten (YKD) en Maritym. Dêrom meitsje wy, yn 'e mande mei dy klusters, foar al dizze sektoaren in ynvestearrings- en arbeidsmerkplan.
- Mearjierrige finansjele stipe fan de provinsje foar it ynnovaasjepact Fryslân. It belied wurdt by it YPF makke troch de leden dy't in fertsjintwurdiging binne fan ûndernimmers, ûnderwiisinstellingen en oerheden. Dêrneist wurdt it oanjeien en ûntwikkeljen fan de fiif ekonomyske spearpunten hjir foarm jûn.
- ICT/robotica fan de basisskoalle ôf (nei Estsk model). Fokus op ynnovaasje en ûndersyk foar fernijing mar ek om banen op ûnderskate nivo's yn Fryslân te hâlden.
- 1.000 talinten nei Fryslân. Neist it behâlden en oplieden fan ús jongerein sette wy ek yn op:
 - Ynternasjonale talint oanlûke mei ûnder mear in ynternasjonale skoalle (pû en fû).
 - Duorsume en ynnovative bedriuwen bliuwend ynteressearje foar Fryslân as fêstigingsplak. Aktive dielname yn bedriuwspromoasje yn binnen- en bûtenlân.
- Fan fakatuere nei talint (bedriuwen as talintnetwurken, bygelyks programma Talinten fan Moarn).
- Aktive dielname fan de provinsje yn bestjoer en finansjeel fan de [Arbeidsmerkregio Fryslân Wurket!](#) De provinsje stimt har arbeidsmerkbelied dêrop ôf. Wy tuge dêr gjin eigen ynstruminten en organisaasjes foar op.
- It streamlynjen fan subsydzjes en fergunningen. Mear ôfstimming tusken oerheden en mienskiplik oplûken.
- Strukturele finansiering fan [Wetsus](#).
- Strukturele finansiering fan it [Ynnovaasjekluster Drachten](#).
- It stypjen fan de ûntwikkelingen fan de [Media Ynnovaasje Kampus](#) yn Ljouwert.
- Ien Frysk ûndernimmersloket yn 'e mande mei de oare Fryske oerheden. Dat is no tefolle ferdield nei ûnderwerp, gemeente en fraach. Dat kin en moat better. Ek sille wy ferkenne oft der op Fryske skaal ien ekonomyske beliedsôfdieling komme kin.
- Undersyk om twa moannen frij reizgjen mei it OV yn 'e simmer yn hiel Fryslân foar toerist en ynwenners mooglik te meitsjen.
- It promoatsjen fan de provinsje as gehiel.
- De finansiering fan de promoasje fan Fryslân freget in ûndûbelsinnige oanpak binnen de hiele provinsje.
- Strukturele finansiering fan [Gastfrij Fryslân](#).

ENERZJY EN KLIMAAT

De enerzjytransysje is in komplekse opjefte. It CDA wol dat elke boarger yn Fryslân tagong hat ta betelbere, betroubere en duorsum opwekte enerzjy en waarmte. Troch ús yn te setten foar in skjinnere, sûnere en grienere omjouwing kinne wy in betsjuttingsfolle en sichtbere bydrage leverje oan in duorsume mienskip. In sosjale mienskip mei ekologysk en ekonomysk lykwicht.

Al jierren wurdt der gas en sâlt wûn yn Fryslân. As CDA Fryslân binne wy dêr op tsjin. De ryksoerheid beslist hjir lykwols oer. Us lânskip, yn it bysûnder de Waadsee, moat beskerme wurde. Wy fine dat de ryksoerheid oer dy opbringsten in signifikant bedrach útkeare moat oan Fryslân, ek oer de ôfrûne desennia. De provinsje en belutsen gemeenten meie sels witte op hokker wize se dat jild foar de mienskip ynsette. Wy sjogge hjir kânsen om middels yn te setten foar in op termyn enerzjy-ûnôfhinklik Fryslân. Dêrby bliuwt ús adagium dat wy tsjin gas- en sâltwinning binne en bliuwe yn ús provinsje. Wy ûndersykje aktyf de mooglikheden en kânsen op it mêd fan wetterstof, geo- en akwaterny. Wy binne grutsk op de koöperative beweging yn Fryslân. Us provinsje hat it grutste oantal (enerzjy)koöperaasjes fan it lân en de beweging groeit noch altyd. Wy stypje de ûntjouwing fan de saneamde gebiëtskoöperaasjes.

It CDA draacht it projekt [Blue Energy](#) op de Ofslútdyk in waarm hert ta. It is fan grut belang om de proefopstelling út te wreidzjen nei in gruttere sintrale.

SINNELJEDDER

It CDA giet de diskusje oer wynenerzjy net út 'e wei. Dizze foarm fan enerzjy is in goede oanfolling op sinne-enerzjy en is foar de mienskip, lykas yn Reduzum of bedriuwen yn Hallum, fan grut belang. Draachflak út de lokale mienskip wei is lykwols in basisbetingst. Foar sinne-enerzjy giet it CDA út fan de sinneljedder: natuer en lânbougrûnen wurde ûntsjoen, hielendal salang't der op dakken noch folop romte is foar sinnepanielen. Wol wolle wy restgrûnen lâns de sneldiken of op yndustryterreinen benutte foar sinnepanielen. Dizze losse gebieten kinne hjir goed foar ynset wurde.

It klimaat feroaret. Dêr kinne wy net omhinne. Ek yn Fryslân is dat hieltyd mear sichtber. Sûnt de yndustrialisaasje fan de 19^e iuw ôf is de útstjit fan broeikasgassen eksponinsjeel tanommen mei alle gefolgen dy't dêrby hearre. Al jierren gjin Alvestêdetocht. Swiere reinbuien mei wenkeamers dy't derûnder strûpt binne. Simmers dy't aloan waarmer en ekstremer wurde. It klimaat hat spitigernôch gjin grinzen, mar wy hawwe yn Fryslân wol in ferantwurdlikheid. Hokker foarâlder wolst wêze? Wat is ús bydrage foar de generaasjes nei ús? It CDA pleitet foar struktureel omtinken foar de gefolgen fan klimaatferoaring.

Wy stean foar:

- It troch de provinsje te inisjearjen deltaplan 'Sinne op 'e dakken'. Doel is om safolle mooglik dêrfoar geskikte dakken yn Fryslân te bedekken mei sinnepanielen. Dêrneist moatte parkearterreinen oerdutsen wurde mei sinnepanielen. By ûnder mear winkel- en yndustrygebieten kin dat ús ûndernimmers helpe de enerzjykosten te drukken.
- It ynvestearjen yn oplossingen foar de enerzjykrisis. It al as net finansjeel byspringen by it beteljen fan de rekkeningen fan ynwenners en ûndernimmers kin dêryn as winske field wurde. De problemen (de enerzjyfoarsjenning sels) losse wy dêrmei net op.

- It helpen om te ynvestearjen yn net- en opslachkapasiteit. De ryksoerheid hat dy mooglikheden oant no ta allinnich belein by nutsbedriuwen. Wy wolle ûndersykje hoe't de provinsje sels bydrage kin oan it ferhastigjen fan it oplossen fan dizze problemen.
- It ferhastigjen fan saneamde tûke netwurken (desintrale ôfname mei buffermooglikheden om oerbelêsting fan it net tefoaren te kommen).
- It tastean fan wynmûnen by agrariërs en ûndernimmers op bedriuweterreinen nei aard en skaal passend yn de omjouwing en inisjativen út de mienskip wei mei help[fan (doarps)koöperaasjes. In goed foarbyld dêrfan is de doarpsmûne fan Reduzum. Ek it opwurdearjen fan de hjoeddeistige Lagerweij twawjukkens heart ta de mooglikheden en de mienskip moat hjir safolle mooglik yn partisipearje (koöperaasje).
- It bydrage litten fan projektûntwikkelders, troch op syn minst 50% fan de enerzjyopbringsten fia de lokale koöperaasjes weromfloei te litten nei de mienskip.
- It bouwen fan grutte wynmûnen op foldwaande ôfstân fan wenkearnen, bygelyks op yndustryterreinen. Neist wyn op lân pleitsje wy sterk foar de saneamde doarpsmûne op see.
- It kombinearjen fan funksjes, lykas sinnefjilden op in talúd of boppe in parkearplak. Wy brûke hjirfoar gjin greiden of oare natuer.
- De Fryske noarm. Foar ek al langjierrige besteande mynbouaktiviteiten lykas by gas- en sâltboarrings krijt de provinsje no gjin fergoeding. Foar elke kubike meter nije gas- en sâltwinning wolle wy in fêst persintaazje foar de provinsjale- en lokale oerheid en Wetterskip Fryslân. Let wol, yn earste ynstânsje wolle gjin nije mynbouaktiviteiten. Yn prosedueres nei nije konsesjes ta wolle wy as desintrale oerheden mear ynfloed hawwe.

YNFRASTRUKTUER

Elk doarp of elke stêd hat syn besteansrjocht te tankjen oan de oanwêzigens fan ynfrastruktuer. Berikberens is wichtich foar it wolwêzen fan minsken. Hast net ien wol isolearre wêze fan syn omjouwing of famylje. Fryslân hat in soad doarpen en buorskippen. It is hiel wichtich dat dy berikber bliuwe foar de bewenners en en de besikers oan dy doarpen en buorskippen. En dy berikberens jildt yn dit digitale tiidrek ek beslist foar digitale ynfrastruktuer lykas troch glêsefzelferbiningen.

Ek de berikberens fan de provinsje is fan grut belang om minsken dy't earne oars wurkje yn de provinsje wenje te litten of om bedriuwen nei Fryslân te krijen. It CDA wol in goede berikberens fan de provinsje mei de rest fan Nederlân en fan de doarpen yn Fryslân mei de gruttere wenkearnen. De berikberens fan de Waadeilannen moat altyd garandearre wêze en dêr meitsje wy ús hurd foar.

LELYLINE

Wy binne foar oanlis fan de Lelyline. It provinsjale wegenet is goed yn oarder. Dat jildt lykwols net foar de ûntsluting mei it spoar. De Lelyline is in middel dat it knyppunt by Swol en reistiid nei Amsterdam oplosse en ferkoartsje kin. De histoarje lit sjen dat in goede ynfrastruktuer altyd soarget foar ekonomyske aktiviteiten. Dat sil mei de Lelyline ek it gefal wêze. Troch de komst fan de Lelyline komt der einlik in stasjon yn Drachten en op 'e Jouwer. De Lelyline ferbynt de Rânestêd ek flugger rjochtstreeks mei ús haadstêd Ljouwert. Ek it regionale spoar binnen de provinsje en tusken Ljouwert en Grins fereasket omtinken. Mannichien makket der deistich gebrûk fan en de provinsje moat dat stimulearje. In mear frekwinte ferbining soarget derfoar dat mear minsken gebrûk meitsje kinne fan de trein.

De berikberens fan de doarpen fereasket mear omtinken fan de provinsje. Dat kin net samar dien wurde mei mear frekwinte busferbiningen. Fraachôfhinklik ferfier moat dêryn mear stimulearre wurde. It hjoeddeistige ferfier freget om fytsesneldiken. Mear en mear minsken reizgje mei elektryske fytsen of oare flugge twatsjillers. Hjirfoar is it wichtich dat der goede fytspaden binne. Op in tal plakken soe in fytsfear oer marren in oplossing wêze kinne om de ferbining tusken wichtige kearnen te ferbetterjen.

Nei jierrenlange ynvestearring yn it wegenetwurk fan Fryslân wurdt it no mear as tiid foar:

- Bessere OV-ûntslutingen foar doarpen, stêden én mei oare dielen fan Nederlân en Europa.
- Mobiliteitsynnovaasje is ûnderdiel fan de OV-konsesje.
- Mear en bettere fytsferbiningen tusken ús Fryske kearnen.
- In breed dekkende laadpealstruktuer. Gjinn laadstress.
- It skieden fan de ûnderskate ferkearsstreamen.
- It bliwend ynsetten op it opwurdearjen fan it Van Harinxmakanaal foar Va-klasse skippen (110 meter lang en 11,4 meter breed).
- Glêsefzen en digitale ynfrastruktuer op oarder.

Wy stean foar:

- In mobiliteitsplan dêr't net allinnich yn sjoen wurdt nei de beskikbere busoeren, mar dêr't doarpen en wiken sels mei ideeën komme kinne foar harren mobiliteitsútdagingen. Dêr hearre ek finansjele middels by. Dus net allinnich in buskonsesje, mar in folslein

mobiliteitsplan. Wy daagje de ferfierbedriuwen út om mei in totaalplan te kommen. De provinsje jout hjirfoar de romte yn har útfraach.

- Frijlizzende fytspaden tusken alle Fryske gemeenten, kearnen en de haadkearnen yn de omlizzende provinsjes. Wy meitsje in provinsjebreed en provinsjeoerskriedend plan yn oarbeidzjen mei de omlizzende provinsjes.
- It prioritearjen fan in oantal grutte ynfastrukturele plannen dy't wichtich binne foar Fryslân, lykas
 - Sporakwadukt Van Harinxmakanaal by Ljouwert.
 - De slûs by Koarnwertersân.
 - Krúspunt West- en Eastfierdeparten mei de N454 by Noardwâlde-Súd.
 - Akwadukt Krúswetter yn de A7 op 'e hichte fan Boalsert as ferfanging fan de hjoeddeistige Krúswetterbrêge.
 - Tunnelferbining tusken de Gaastmer en It Heidenskip.
 - Akwadukt Skarsterrien (A6).
 - Akwadukt Koatstertille.
 - Brêge Skûlenboarch.
 - It oanlizzen fan de westlike rûnwei om Dokkum hinne mei in akwadukt ûnder de Dokkumer Ie.
- Fytssneldiken tusken de gruttere kearnen.
- Oanlis fan de Lelyline. It wurdt heech tiid dat ek Drachten oan it spoar komt te lizzen. De Lelyline moat, behalve nei Grins en Dútslân, in rjochtstreekse ferbining hawwe mei ús haadstêd en nei it noarden fan ús provinsje. Wy sjogge nammers neat yn de ferplichte keppeling fan tsientûzenen wenningen dy't dêr tsjinoer stean moatte.
- It ûndersykjen fan oare en alternative spoarferbiningen yn en nei ús provinsje. Yn de wittenskip dat de eventuele komst fan de Lelyline noch lang op him wachtsje lit, kin ek in regionaal spoarnetwurk yn Fryslân sels ûndersocht wurde. Tink bygelyks oan in trajekt Snits-Hearrenfean-Drachten. Op dizze wize meitsje wy in eigen deistige logistike ringe yn ús provinsje.
- In goede digitale ynfastruktuere.

FINÂNSJES EN BESTJOER

De provinsje Fryslân hat de ôfrûne jierren goed op har húshâldboekje past. Der is ynvestearre yn nije rendearjende aktiviteiten, lykas it wynpark en der binne passende reserves oanlein. De ynkkomsten út fêste boarnen, lykas it Provinsjefûns en de strukturele fergoeding dêrút, nimme de kommende jierren ôf. Ek it belestingdomein fan de provinsjes en gemeenten wurdt troch de ryksoerheid de kommende jierren oanpast.

Wy stean foar:

- It goed behearen, mar ek maatskiplik ynsetten fan ús sparjild. Finansjeel rendemint is dêryn net de iennige fereaske. Wy sjogge nei de maatskiplike ympakt.
- It sjen nei probleemoplossingen mei finansjele stipe fan maatskiplike inisjativen. Net nei it tydlik fersêftsjen fan de finansjele pine.
- In kearntakediskusje om ús fêste ynkkomsten struktureel yn te setten foar strukturele taken.
- Jierliks frije begruttingsromte om yn te spyljen op akute fraachstikken út de mienskip.
- In ûndûbelsinnich belestingdomein foar de desintrale oerheden yn gearspraak mei de ryksoerheid, de gemeenten en provinsjes. Dêrby fine wy dat opsinten, autogebrûk, gjin passende belesting is foar alle ynwenners fan Fryslân. Yn it lanlik regearakkoart wurde nije belestinggebieten oankundige. Wy wolle derfoar oppasse dat dêryn gjin eigenwille en te grutte lokale ferskillen ûntstean. Hjiryn sjogge wy ek nei de mooglikheid om mear koheeze te krijen yn de ûnderskate foarmen fan toeristebelesting yn ús provinsje.
- Mear algemiene en strukturele ynkkomsten dy't yn troch Provinsjale Steaten sels oanwiisde beliedsterreinen ynset wurde kinne.

Fryslân is in selsstannige provinsje. Wy hawwe in eigen beliedsfoech en wolle dat sa hâlde. Wy ferhâlde ús yn earste ynstânsje ta ús ynwenners en de Provinsjale Steaten yn al ús hanneljen en yn it ôflizzen fan ferantwurdling. Dêrneist wurkje wy aktyf gear mei ús gemeenten yn Fryslân, ús noardlike partners, Grins en Drinte, it Ynterprovinsjaal Oerlis, de ryksoerheid en de Europeeske Uny. Binnen Europa sjogge wy de aktive relaasje mei ús Dútske buorlju as it meast waarm en ekonomysk fan belang, mar wy hechtsje ek grutte wearde oan it netwurk fan gebieten mei minderheidstalen en -kultueren yn Europa. Under it mom fan 'leare te dielen om te fermannichfâldigjen' binne wy wiis mei gearwurking. Ynhâld, net it adagium fan gearwurkjen allinnich, is dêryn liedend.

Wy stean foar:

- It better ynsichtlik en lêsbere meitsjen fan ús begrutting en jierstikken. Foarôfgeand oan de behanneling fan de jierstikken en de begrutting organisearje wy in boargertop wêryn't de ynwenners yn petear gean mei deputearren en Provinsjale Steaten mei-inoar.
- It útjaan fan subsydzjes mei in maklike, oersichtlike en folle koartere oanfraachproseduere. Net it proses, mar it doel fan de subsydzje moat liedend wêze. Wy stypje ynvestearrings yn dy prosessen en de digitalisearring dêrfan.

- In provinsjale organisaasje dy't minsken yn fêste tsjinst hat foar fêste taken. Dêrby is in fleksibele skyl nedich, mar wy sjogge tige kritysk nei flexpools lykas dy de ôfrûne perioade ynsteld binne. Dêryn wol de provinsje in goede wurkjouwer wêze.
- De Fryske gearwurkingsaginda. De gemeenten, Wetterskip Fryslân en de Provinsje foarmje mei-inoar de Fryske oerheid. Dy stiet yn tsjinst fan de ynwenners, al wurdt te faak troch de mienskip in ferskil ûnderfûn tusken dizze oerheden. Dêrom wol it CDA dat dizze oerheden mei-inoar in aginda meitsje hoe't sy de mienskip better ta tsjinst wêze kinne.
- In aktive Europa-aginda oerkoepeljend én yn alle beliedsportefúljes fan de provinsje.
- In aktive gearwurkingsaginda mei ús Dútske kollega's út Niedersachsen.
- It gearfoegjen fan boppesteande (gearwurking mei oare oerheden op ûnderskate beliedsterreinen) om mear Europeesk jild nei Fryslân en Noard-Nederlân te krijen.